

It belang fan de fiertaal foar taalûntwikkeling: fragen by de lêsstof

1. Wat is yn ien sin gearfette it boadskip fan de tekst 'Een taal leren doe je niet op school'?
2. Wêrom tinkst dat in protte learboeken en lessen sa makke wurde dat foaral kognitive learders der wat fan opstekke?
3. Hokker oerienkomst is der neffens de tekst 'Een taal leren doe je niet op school' tusken taalfearlichheidsûntwikkeling yn de memmetaal en taalfearlichheidsûntwikkeling yn in frjemde taal?
4. Hoe leare bern it korrekte gebrûk fan yngewikkelde wurden lykas *omdat* en *vanwege* yn in leas oer in bak wetter mei knikkerts en knipers deryn, neffens de tekst 'Wat is taalontwikkeld onderwijs'?
5. Ha bern foar har behearsking fan it Frysk en Ingelsk ek baat by sa'n Nederlânsktalige les mei in bak wetter, tinkst? Behelje it wurd *transfer* yn dyn antwurd.
6. De earste fraach ûnder de tekst 'Wat is taalontwikkeld onderwijs' giet oer de fokus fan leararen. Hasto it idee datst dy yn lessen foaral rjochtst op taalgroei of op taaltoetsing? Wêrom dochst dat sa?
7. Kinste Fryske wurden of konstruksjes betinke dy'tst leard hast troch fan kwadrant III nei kwadrant IV te gean (sjoch it stik oer de fjouwer kwadranten yn de tekst 'Wat zijn de kenmerken van CLIL'? Neam sa mooglik in pear foarbylden.
- 8a. Lis út wat CALP (of CAT) is.
b. Lis út hoe'tst neffens it kwadranteskema de CALP-kant fan in taal learst.
9. De lêste alineafan de ynlieding fan 'Wat zijn de kenmerken van CLIL' ("Wat in sommige lessen ... een opwaartse spiraal") is frij abstrakt skreaun. Ferhelderje dat stik foar oaren en foar dysels troch it in stik simpeler en mei foarbylden nei te fertellen.
10. Yn it stikje oer taal yn 'Wat zijn de kenmerken van CLIL' wurde trije soarten CALP-taal behannele: *language of learning*, *language for learning* en *language through learning*.
 - a. Lis koart yn dyn eigen wurden út wat dy begripen betsjutte.
 - b. Betink Nederlânske, Ingelske en Fryske foarbylden by elk fan de trije.
 - c. Betink Fryske oersettingen fan de trije begripen (gjin letterlike oersettingen, mar wat kreatyfs en dúdliks).
11. Betink ris wat dingen dy't hearre moatte yn in stik dat de fisy fan in Fryske skoalle op CLIL-ûnderwiis beskriuwt. (Sjoch de tekst 'Wat zijn de voorwaarden ...')
12. Notearje in pear ideeën út de fideo 'Taalontwikkeld leren (1)' dy't brûkber binne foar CLIL-lessen mei it Frysk as fiertaal. Skriuw derby wat foar materiaal oft der foar dy ideeën noch ûntwikkele wurde moat.